

Aktiviteiten foar de Fryske les yn it fuortset ûnderwiis!

Wy sykje dosinten Frysk yn it fuortset ûnderwiis!

Soesto oan ús projekt meiwurkje wolle? Der binne trije aktiviteiten, wêr't wy graach dyn ûnderfining en miening oer witte wolle. Dit binne aktiviteiten dy't ûntwikkele binne binnen it [OWL+ projekt](#).

Eltse aktiviteit duorret tusken de 15 en 25 minuten. Alle aktiviteiten slute oan by de keardoelen Frysk A (taal leare en brûke), C (taalekspresje) en D (Fryske skiednis, geografy en kultuer).

Wat binne de aktiviteiten?

De beam omskriuwe

Yn dizze aktiviteit komme de studinten yn kontakt mei de natuerlike omjouwing (spesifyk yn Fryslân). De opdracht is om in natuerlik objekt (sa as in beam) te omskriuwen mei gebrûk fan it Frysk. Dit kin op ferskate nivo's, ôfhinklik fan it Fryske behearskingsnivo fan de studinten.




Ik en skiednis

By dizze aktiviteit stiet in barren út de Fryske skiednis, mei in spesifyk histoarysk persoan, sintraal, wêr't de studinten op in krityske wize oer neitinke.

Skatsykje yn de katalogus fan de bibliotek

By dizze aktiviteit fertelle de studinten oer harren favorite Fryske boek, of fetsje se in favoryt boek yn in oare taal gear yn it Frysk. Se geane dêrnei op syktocht yn de (online) katalogus fan de lokale bibliotek.

Soesto meidwaan wolle oan ús pilot? Dit soene wy op priis stelle!



Ast ynteressearre bist om mei te dwaan, fertelle we dy graach mear oer it projekt en de pilotaktiviteiten.

Nim dan kontakt op mei ûndersyksmeiwurker Femke van Seijen fan de Fryske Akademy/Mercator, e-mailadres: fvanseijen@fryske-akademy.nl

Foar fierdere fragen kinst hjir ek terjochte. Alfêst tige tank!